

MOASJE

Wurklistpunt: 5. Programmabegroting 2022 - 2025

Underwerp: Namme- en ferwiisbuorden yn it Frysk

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 4 novimber 2021

Konstatearjende dat:

op it nammeboerd by it nije swimbad de Kûpe, 'Zwembad de Kûpe' stiet en net 'Swimbad de Kûpe'.

Fersiket it kolleezje:

Dit fersin rjocht te setten en yn de takomst alle gemeentlike namme- en ferwiisbuorden yn de Fryske taal te setten.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- It Frysk moat neffens de provinsje Fryslân mear en dúdliker te sjen wêze yn it deistich libben.
- De provinsje wol de Fryske taal mear sichtber meitsje.
- Gemeenten, mar ek ûndernimmers en ferienings kinne subsydzje krije fan de provinsje om it Frysk mear sichtber te meitsjen. It giet dêrby om sichtberens oan de kant fan de dyk yn de foarm fan buordsjes en opskriften, mar ek om sichtberheid fan de taal yn organisaasjes.
- It is wichtich dat rûnom yn Fryslân it Frysk sichtber is, ek om Frysktaligen te stypjen by it brûken fan it Frysk. It giet derom om sjen te litten dat it Frysk gewoan is en dat it ek gewoan is om Frysk te praten.
- Op 18 maaie 2021 krige de gemeente Achtkarspelen in 'plom' fan de Ried fan de Fryske Beweging, om't de gemeente Achtkarspelen inkele kearen sjen litten hie hoe't in gemeente Frysk taalbelied yn 'e praktyk stal jaan kin. De Ried fan de Fryske Beweging, dy't him ynset foar it Frysk, stelde dat tige op priis.
- In 'plom' is moai, mar it wurk is noch net klear.

FNP-Achtkarspelen, PVV-Achtkarspelen,

Hr. T.O. Brinkman hr. H.J. Graansma

Stemming:

Voor: FNP, PVV, CDA (Talma en Van der Wal), CU, GBA, GroenLinks, PvdA en VVD (14)

Tegen: CDA (Vriesema, Zandbergen en Zwaagstra) (3)

Motie is **aangenomen**